

Wjerklank

Jiergong 8

Nûmer 16 (2014)

**Tydskrift fan
it Obe Postma
Selskip**

**Hoe't de búste fan Obe Postma
ta stân kommen is**

**Wat frjemde dream hie yn dit
lichem wâld?**

**Rembrandt, in 'needrich foarst'
Algemeine ledegearkomste**

Kolofon

Obe Postma Selskip

Wjerklank is it tydskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Geke Sjoerdsma, Geart van der Meer en Jan Gulmans.

De lêste is ek redaksjesekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei Wjerklank jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Wjerklank jout graach romte foar gruttere of lytsere stikken oer it wurk en it libben fan Postma. Fierders jout Wjerklank omtinken oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsferslaggen, útstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastúdzje.

Abonnemint Wjerklank

Njonken Wjerklank hat it OPS in webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije Wjerklank fergees tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útnoege om, as sy in artikel bydrage wolle oan Wjerklank, kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel.: 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (min. € 17,50) moat oermakke wurde op NL74ABNA0437443620 fan it Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Obe Postma Stichting

Neist it Obe Postma Selskip is de Obe Postma Stichting yn it libben roppen. Dizze stichting sil besykje de nedige finansjele middels beskikber te stellen, dy't foar it wurk fan it Obe Postma Selskip wichtich binne. Donaasjes binne wolkom. Untwerp foarblêd: Rob Lucas
Untwerp en opmaak: Frits Sieperda

Ynhâld:

Kolofon 2

Fan 'e bestjoerstafel 2

Hoe't de búste fan Obe Postma ta stân kommen is 4

Wat frjemde dream hie yn dit lichem wâld? 8

Rembrandt, in 'needrich foarst' 13

Algemeene ledegearkomste 2014 16

Fan de bestjoerstafel

Dit jier, it achtste jier fan it Obe Postma Selskip, hat it bestjoer fjouwer kear byinoar west (5/2, 20/6, 19/9 en 6/11). In tsjinslach, dêr't it bestjoer hieltyd op werom komme moast, wie it feit dat it OPS-webstee al langere tiid út de loft is. Lykas mooglik bekind is, is der -- om sa te sizzen-- ynbrutsen yn ús webstee en dat hat ús needsake op in oar systeem oer te gean (WordPress); dat lêste systeem hat meer feilichheidsgarânsjes as Joomla. Wy hoopje, dat it OPS-webstee oan 'e ein fan dit jier wer tagonklik is.

Ien fan de doelstellingen fan it Selskip hat altyd west it pleatsen fan in búste fan Obe Postma. Frans Tiessen út Losser hat, yn en nei oerliz mei it bestjoer, it ûntwerp en de realisasje fan de búste op him nomd. Op 6 novimber wie it dan safier. Yn in feestlike gearkomste yn Tresoar waard de búste ûntbleate. Frans Tiessen sels en ús foarsitter George Huitema, mar ek Bert Looper, Philippus Breuker, Hajo Apotheker en Willem Abma fierden it wurd. In grut tal minsken besochten de gearkomste yn Tresoar. Op 'e sokkel steane de rigels: 'En siele hat – o dream yn sim-

It Bestjoer fan it Obe Postma Selskip bestiet út: George Huitema (foarsitter), Jan Gulmans (skriuwer/redaksjelid Wjerklank), Jan Guichelaar (ponghâlder), Geke Sjoerdsma (redaksjelid Wjerklank), Geart van der Meer (redaksjelid Wjerklank), Doekle Elgersma. Adres fan de skriuwer / redaksjeadres: Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522KH, Enschede, tel. 053-4345511. Email: jan@gulmans.com.

merlân – / Yn ierdske begean fan it tideleaze wûn'. Bij de gelegenheid fan dizze middei is in boekje ferskynd mei – neist in ferskaat fan foto's – bydragen fan George Huitema, Tineke Steenmeijer-Wielenga, Philippus Breuker en Willem Abma. (Sjoch fierder de bydrage fan Tiessen sels fierderop yn dit nûmer)

It selskipsbestjoer is fan plan de Obe Postma Stichting op te heffen. It is – ek tsjin de eftergron fan in advys datoangeande fan it stichtingsbestjoer -- by einsluten tot de konklúzje kommen dat it wurk fan de Stichting (it beskikber krije fan fûnsen), foarsafier nedich, ek troch it OPS-bestjoer sels dien wurde kin. It foarnimmen is, dat uterlik op 'e ledegearkomste op 4 febrewaris 2015 de stichting opheven wurde sil. De dêrfoar nedige aktiviteiten (Kamer van Koophandel, oerdracht argyf, ensfh.) sille tidich útfierd wurde. It offisjele ôfskie van de bestjoersleden fan de Stichting fynt pleats op de ledegearkomste op woansdei 4 febrewaris 2015 (sjoch efterkant fan dit nûmer).

It bestjoer hat uteraard ek omtinken jûn oan in poezijmiddei om Obe Postma hinne, organisearre yn 'e mande mei Tresoar. De titel fan dy tige slagge middei – 19 septimber – wie 'OBE POSTMA SJOEN TROCH DICHTERSEAGEN FAN NO'. Geart van der Meer hie de opset fan dizze middei en hie de lieding dêrfan. Troch syn krewearjen koenen de tahearders kennis nimme fan it dichtwurk fan in seistal dichters. Sij fertelden ek wat har lûkt yn Obe Postma en hoe't op ien of oare wize Postma syn ynfloed neiklinkt yn harren wurk.


It bestjoer is wakker op 't skik, dat it jild, nedich foar de bondel *It Fryske libben by âlds*, seker steld is. Lykas mooglik bekind is, hat Philippus Breuker okkerjiers in subsydzjeoanfraach skreaun foar dit boek, in subsydzjeoanfraach die't doedestiids spitigernoch net folle opsmiten hat. No blykt it lykwols ochs mooglik dit boek út te jaan. De stikken yn dit boek binne foaral de frucht fan Postma's libbenlang ûndersyk fan wol alle boarnen op it gebiet fan it deistich bestean fan de Friezen en syn ekonomyske en sosjale eftergrûnen. Mei de útjefte fan dit boek mei fersprate stúdzjes sil Postma syn histoarysk wurk as gehiel makliker tagonklik en beskikber wêze. It boek sil bestean út de omstaveren en yn guon gefallen ferfryske werútjefte fan tal fan stikken fan Postma, foarsjoen fan taljochtingen, yllustraasjes en Breukers ynlieding op it wurk fan Postma op it gebiet fan de sosjale en ekonomyske skiednis. Omstavering en ferfrysing binne dien troch drs. Tineke Steenmeijer-Wielenga en Klaske Straatsma-Westerhof. Uteraard wurde de OPS-leden op 'e hichte steld wannear't it earste eksimplaar fan dit boek presintearre wurde sil.

Jan Gulmans, skriuwer

Foto links: fnr: Frans Tiessen, Doekle Elgersma

Foto rjochts: fnr: George Huitema, Doekle Elgersma (âld) omkesizzer fan Postma, Bert Looper (direkteur Tresoar) Hajo Apotheker (boargemaster SW Fryslân)

Foto's Hays Bijlsma



Hoe't de búste fan Obe Postma ta stân kommen is

Frans Tiessen

Yn 1954 fytste in frou mei har soantsje fan acht op it pakjedrager fan Ljouwert West nei Huzum. Se wienen op wei nei de yn Fryslân bekende byldhouwer Adema. Yn de fytstassen sieten boetsearwurkjes. It soantsje fûn it allegear mar gedoch, mar de mem tocht dat it belangryk wie. De moaiste wurkjes fan har soan stienen thús yn de Engelumerstrjitte op de skoarstien-mantel. Wannear't der jûns minsken op besyk kamen en de boetsearwurkjes stean seagen, koenen se net leauwe, dat de hynderkes of draakjes dy't se dêr seagen troch in achtjierrich jonkje makke wienen. It bêrn waard dan fan bêd helle en moast dan op it plak sels eat fan syn feardigens sjen litte. It koe him neat skele wat de minsken derfan fûnen, want de mantsjes, hynderkes en draakjes wiene ûnderdiel fan syn fantasywrâld.

De hiele souder wie dermei besiedde en hy boarte dermei, lykas tsjintwurdich bêrn mei legopopkes boartsje, mei dit ferskil dat hy syn popkes sels makke. Hy koe sels foarm jaan oan syn fantasywrâld en wie derby net ôfhinklik fan pre-fabrisearre figuerkes. Fan al dy hûnderten selsmakke popkes en bisten is der noch mar ien oer.

Dat jonkje is no de makker fan de búste fan Obe Postma. Ik wit noch wol, dat myn mem teloarsteld wie oer it feit, dat Adema de wurkjes net sa bysûnder fûn en dat oan myn heit melde. Myn heit fûn it wol aardich dat ik knap klaaie koe, mar seach doch neat yn in takomst foar my als byldhouwer, want je kinne der toch gjin stik droech brea mei fertsjinje. Dus hy wie eigentlik wol kontint mei it oardiel fan Adema.

My koe it allegearre neat skele: ik gyng gewoan fierder mei it meitsjen fan en boartsjen mei myn figuerkes. Yn myn middelbere skoalletiid rekke it klaaien op de eftergrûn. Yn de stúdzjetiid te Grins learde ik myn frou Willy kennen en sy stimulearre my om it klaaien wer op te pakken. Yn myn stúdzjetiid folge ik no en dan keramyk-kursussen. Ek yn myn wurksume perioade stimulearre Willy my om wer ris eat te dwaan op it mêd fan foarmjowing. Yn Enschede die ik op it keunstsintrum, ôfsjoen fan keramyk, ek oan modeltekenjen en modelboetsaren.



Jeugdwerkje yn plastisine



It earste begjin yn waaks

It fotomateriaal dêr't ik my op basearje koe, wie ûnfoldwaande. Foar it meitsjen fan in kop moatte jo in ôfbylding en face én en profile hawwe, en eigenlik ek in foto fan de holle fan boppen. Der wie allinnich in prachtige foto fan Obe en face, doe't er in jier of 65 wie. Fierder wiene der foto's heal en profile doe't er 20 jier âlder wie. Doch mar begûn oan de kop. Nei twa dagen wie ik in hiel ein op streek. De reaksjes op de kop wienen entûsjast. Ik liet him oan de pleatslike byldhouwer, Ton van der Zanden, sjen. Dy fûn dat ik der neat meer oan hoefde te dwaan. Sels fûn ik it nedich om de búste te foarsjen fan in diel fan it jaske mei it karakteristike boardsje en strikje. Jan wie ek entûsjast en we besleaten de búste sjen te litten oan it OPS-bestjoer. Op de moarn dat ik de lêste hân lizze woe oan de klaaien kop, foel de kop folslein útinoar. Ik hie de kop yn myn iver te wiet opburgen. Dat betsjutte dus de ein fan de (klaai-)oefening.

Nei myn fakânsje besleat ik mei te dwaan oan de kursus boetsearjen yn waaks by Ton van der Zanden en Marion Kroep, om dêr de búste te meitsjen. Uteinlik soe de búste doch yn waaks makke wurde moatte om him yn brûns jitte te kinnen. Ik fûn it wurkjen mei waaks hearlik, der wie gjin inkele beheining troch it materiaal. Ik koe alles meitsje sa't ik dat woe. Fan Ton en Marion krige ik oanwizingen oer it wurkjen mei waaks en feardichheden lykas hoe't jo it hier meitsje en hoe't jo rimpels meitsje. Yn it atelier fan Ton en Marion ha ik 10 oeren wurke en thús in myn eigen atelier 15 oeren. Yn it neijer fan 2013 ha ik de búste yn waaks oan it bestjoer sjen litten. Tegearre mei Willy haw ik noch in oantal kearen



Oanset yn klaai en face



Oanset yn klaai en profile



Búste yn wurding en profile



Búste yn wurding en face



nei Tresoar west om te sjen, wat it meast geskikte plak wie om de búste te pleatsen. Ik hie de búste tocht, ticht by it plak dêr't er no komt te stean. Om redenen fan praktysk aard komt er no net op in sokkel, mar op in minder kwetsber plak. Yn it foarjier fan 2014 krige ik grien ljocht om de kop yn brúns jitte te litten. April 2014 barde dat yn de jitterij fan Marius Bruggeman yn Voorst.

De proseduere is as folget. Op de kop yn waaks wurdt in mal makke yn twa dielen, de foarkant en de efterkant. Ien kear yn 'e moanne fynt it jitten pleats, ôfhinklik fan it oanbod. Dan wurdt der in grut oantal modellen tagelyk getten. It jitten is in spektakulêr barren. In pot mei brúns deryn wurdt ûndergrûns hjit makke mei in op oalje brânende flamme. Moarns betiid wurdt al begûn mei it hjit meitsjen en oan it begjin fan de middei is it gehiel op temperatuur (1300oC). Yn in soarte fan draachstel wurdt troch twa persoanen de pot út de grûn tild en wurdt it gleonhjitte brúns yn de mallen getten. As de mallen in flink stik ôfkuolle binne, wurdt it omhulsel fan it jitsstik ôfslein. Dêrnei wurdt de rest fan it mal, dat fan in soarte fan gravel makke is, der mei in hegedrukspuit ôf spuite. Dan sjogge jo yn myn gefal de twa losse dielen mei jitkanalen deroan fêst. Dat sjocht der net út. De foarkant en efterkant fan de kop binne letter troch de jitter wer oaninoar laske en de jitkanalen binne der foar in grutt part ôffreesd.

Sa ha ik de kop ophelle by Marius. Ton van der Zanden woe my wol leare hoe't jo dan sa'n kop bewurkje. De resten fan it jitkanaal, de ûneffenheden, de lasknaad tusken de foarkant en de efterkant fan de búste en oare artefakten moasten noch weiwurke wurde. Boppedat moast der noch patina op oanbrocht wurde om de min of meer kitscherige koperkleur wei te wurkjen. Op 12 juny koe ik gebrûk meitsje fan de wurkpleats fan Ton en ha ik leard te frezen en te poetsen. In spesjale bewurking wie nedich om in skroeftried yn it byld oan te bringen, yn ferbân mei de befêstiging oan de sokkel. Nei in protte gepruts en gewrot is dat ús dan lang om let doch slagge. By einsluten waard noch patina oanbrocht. Yn dit gefal wie dat in koperpatina. Dêrta waard de kop earst hjit makke mei in bunsenbrâner, om de patina goed ynwurkje te litten. Dêrnei waad de kop yn de bijenwaaks set om de agressieve stoffen út de patina op te nimmen.

Fan boppen nei ûnderen: ûndergrûnse opstoking, de pot met gleon brúns wurdt derút tild, jitten fan it brúns yn it mal, it mal fan ien helt fan de búste fan Obe Postma wurdt folle met brúns



It efterste diel fan de búste wurdt skjinspuite



De foarste helt fan de búste is skjinspuite, jitkanalen binnen hjir sichtber



De kop wurdt freesd



Learmaster Ton bringt de lêste waaks oan



Willy is ferbjistere oer de grutte mannichte jitkanalen

De dei dêrop haw ik, grutsk as in pau, de kop mei nei hûs nommen.

Ik fiel my as relatyf ûnbedreaune byldhouwer tige fereare mei dizze opdracht fan it Obe Postma Selskip en bin bliid mei it feit, dat dizze opdracht in oanset west hat ta it wurkjen yn waaks en mei brúns. Ik bin in ûnderfining riker, dy't my in hiel protte foldwaning jûn hat.



De grutskke makker

Wat frjemde dream hie yn dit lichem wâld?¹

(*Oer Obe Postma, DE LJOCHTE IERDE fan 1929*)

Geart van der Meer

Oanrin

Ik wol no fierder gean mei myn kronologys lêsferslach fan de gedichten fan Postma, dêr't ik mei úteinset bin yn it maitydsnûmer fan *Wjerklank* 15 (2014). Ik doch dat op deselde manier, om sa stadichoan in byld op te bouwen fan wa't de dichter Postma wie, wat syn dichterlike opfetting fan de wrâld wie dêr't er yn stie, en hoe't er dy ûnder wurden brocht hat. Mar earst wol ik even koart gearfetsje wat myn konklúzjes wienen oan de ein fan myn earder stik yn *Wjerklank* 15.

1. De dichter Postma is ûnwennich fan (de oarde fan) syn jeugd en fynt yn ‘dreamen’ treast, omdat dy troch de kracht fan it ûnthâld de skieding tusken hjoed en ferline opheffe kinne. Hij is ek in dichter dy't it (Fryske) folk in siele tadichtet dêr't er himsels deel fan fynt, net inkeld no mar ek troch de tiden hinne, en hij stiet dus net bûten it folk. Hij wol dat folk kenne en yn him drage, en ek beskriuwe sa't it troch de tiden hinne libbe hat.

Dêrbij is alles belangryk, ek – of foaral – it lytse en ienfâldige, want dy jouwe de djipste fieling, omdat dy it meast de ierde nei binne. Postma is ek foaral in moaiwaar- en sneinsdichter, want der geane safolle fersen oer maityd en simmer en oer frije dagen, wêrbij't opfalt dat it *ljocht* altyd wer opdûkt as suver de skepper fan al it moai en al it libben, sadat sadwaande de sinne suver wat godliks krijt, mar net yn kristlike sin.

Wat opfalt wie ek it brûken fan it wurd siele, dat in ivichheidsleauwen suggereart, en ek yn dat ferbân it wurd *stream*, in metafoar foar de úteinlike ienheid fan alle libben, dêr't ús eigen aparte libbensjes yn opgean sille as ‘de tearkes fan in stream’.

Wat de *foarm* oanbelanget, haw ik wiisd op de wûndere tsjinspraak tusken it stribjen om gjin keunsttaal te skriuwen en it brûken fan slim literêre en ‘geunstelde’ genityfkonstruksjes, lykas ‘de wulven ierde’ wille klinkt!’ = ‘de wille fan de wulvene (?) ierde klinkt’. Fierders ha ik ek wiisd op de frjemde tsjinspraak tusken oan de iene kant formele soargeloazens en oan de oare kant it manipulearen fan de taal (fanwege de foarm) troch it ûngrammatikaal tafoegjen of weilitten fan foaral de ûnbeklamme e.

2. Wij kinne no begjinne mei in kronologys lêsferslach fan *De Ljochte Ierde* fan 1929. De fersen yn dizze bondel bestrike de tiid fan 1923 oant en mei 1928. De bondel begjint, karakteristyk foar Postma, mei it gedicht IK GARJE FOAR DY (1923), dêr't de intellektueel Postma him opnij identifisearst mei it folk fan Fryslân, yn dit gefal yn de persoan fan in rûge, no wat âldere en ‘betommele’ bodder, troch him Fryslân en syn eigen libben te toanen. It tredde gedicht, DE LODDE (1923) – Teake Oppewal hat dêr yn *Wjerklank* 14 op wiisd - soe bêst ris yn jûn west ha kinne troch it *Deagraverssankje* fan Eeltsje Halbertsma. De lodde liket hjir symboalys te wêzen foar it gewrot fan de minske dat ienris ophâlde moat, en dan: ‘alles is foarby.’ Mar, sa wiist Oppewal ús derop, der is noch in strofe, dy't mei ‘Mar’ begjint - it gewrot mei dy lodde hat wat bliuwends ta stân brocht:

Mar yn dit gea, myn bodder, hasto boud
En dien wat moast. 't Hie sûnder dy
Syn plak net sa yn al it ierdske hân.
(...)
Dyn sleat is d' ieuwen oer in skieding fan it erf.
(...)

Sa wurdt de lodde as symboal fan it minsklik gewrot troch Postma brûkt om it tydlike te ferheffen ta it bliuwende. Ja, we sille noch wolris de rigel tsjinkomme dat wat west hat wat oars is as wat net west hat (mar no rin ik op de saken foarút ...).

It fierder net sa bjuster nijsgjirrich LIETSJE (1924) moat toch even neamd wurde fanwege opnij dy identifikaasje mei it Fryske folk yn al syn ferskiningsfoarmen, de boer, de karrider, de arbeider, mar ek de ‘wylde ruter’, de ‘dogeniet’ dy't ‘heite hiem net fine kin’,² en ‘fan 'e wylds in laat’ wurdt – en dy't jin meinimt, en ‘net nei tsjerke ta!’³ Ik sjoch hjir wer in oanwizing fan it fersmiten fan in kristendom dat *net* de hele wrâld oannimt: Postma docht dat wol. Hij seit dat er faaks sels sa'n dogeniet is, lokke troch it kwea. Ik sjoch hjir in ferbân yn mei PINK-STERNEIN fan 1901, dêr't ierde en himel net skieden wurde, mar ien lykje te wêzen yn Postma syn filosofy.

Ik kom no ta oan IT LIBBEN DAT FERGONG (1925) – ien fan de frije fersen dêr't Postma no hieltyd mear mei begjint. Ik fyn dit fers op himsels net sa bêst. En ek wat tsjuster hjir en dêr. It liket in wat breklik besykjen om te formulearen wat him al earder wat rudimintêr oankundige hie, en wat miskien it bêste gearfette wurde kin yn de lêste rigel:

Ien siele, ien begryp omfiem't it al.

Hoe komt Postma ta dy sa ûnferwachte konklúzje? Wij hienen al sjoen dat Postma de metafoar fan de ‘stream’ brûkt om oan te jaan dat it libben fan elk apart minske opgiet yn in grutter geheel. Dat siet ek al yn it foarbijgean yn de opmerking (sj. MYN LIET 1921), dat er part hat oan in ‘siele’ – mar dat bleau fierder wat dizenich. Hjir komt dus dat idee fan in allesomfetsjende siele werom, en ek it idee fan de ‘stream’ fan al it libben, dêr't it individuele yn opgiet. Wat is syn redenaasje? Hoe kin er dat oannimlik meitsje?

It gedicht begjint yn de earste strofe al wat obskuer: Postma liket de ferstoarnen ‘oan 'e oare kant’ (de dea) te sjen, en dêrfan binne de ‘foarsten’ him fansels ‘nei’ as stienen se ‘nêst’ him. It folk dat dy foarsten yn dy machtige rige ‘bestiet’, komt fansels ek mei, mar liket him minder dúdlik foar eagen te stean, foarsafier't ik de rest fan de strofe begryp. Strofe twa beskriuwt hoe't er yn gedachten as yn in ‘wiks'ljend spul’ de ‘freonen fan [s]yn jonkheid allegearre’ oan him foarbijgean sjocht:

(...) Ik sjoch har wêzen klear,
De dei, de wyn dy't troch de reiden giet,
Nimme har op; der is gjin skied
Fan doe en no; dy't oer de tearen rint
Fan 't wetter, draacht har byld.

Postma liket ergens bûtendoar oer dy freonen fan syn jonkheid te mimerjen, as waarden dy freonen meifird troch de wyn (?) dy't oer ‘de tearen fan it wetter’ rint, en hij sjocht se troch de kracht fan it ûnthâld wer foar him, sadat doe en no gearrane.

Strofe trije pleatst dan syn ‘stalten’ yn in ‘doarp en stee’, en mear konkreet yn in bepaald hûs op in terp, dêr't

(...) de slachten komm' en gean:
Sa is it drager fan in fiere stream;

Dat hûs, dat plak, dêr spilet him yn syn foarstelling it bûnte libben ôf fan eardere slachten, mei alwer dat ‘stream’. Postma stapt hjir no dúdlik oer de grinzen fan syn eigen erfaring en ûnthâld hinne, en stelt him dat libben foar yn

in langer tiidsbestek as syn eigen ûnthâld omfiemje kin. Strofe fjouwer, as dy yndied begjint mei ‘Har weiden’, giet dan fierder mei in konkrete beskriuwing fan it eardere libben, en einiget dan mei

O dit giet bûten tiid! Wy binne diel
Fan selde wrâld, hoe koe der oars
Sok fielen troch ús gean?
Ien siele, ien begryp omfiem't it al.

Ja ... wat moatte wij no mei dy lêste rigel? Wat, freegje ik wer, bedoelt er mei ‘siele’? En trouwens mei dat ‘ien begryp’? Yn dy earste trije strofen past alles noch yn it ramt fan syn eigen alles gearbinend ûnthâld, mar hjir liket er in boppe himsels útstigende rommere siele, in begryp, in mear omfetsjend ûnthâld, te ûnderstellen, dêr't er sels dan inkeld in deel fan is (tink ek wer oan de metafoar fan de stream). Postma besûndiget him hjir nei myn betinken oan it soarte wishful thinking dat religieus oanleine minsken religieus makket: it soe sa moai wêze as der in god is of in libben nei de dea, of as it nei myn dea net foargoed foarbij is Dat blykt wol út de wurden hjirboppe ‘Wy binne diel / Fan selde wrâld, hoe koe der oars / Sok fielen troch ús gean?’ Dat is mear in winsk as in konklúzje. Postma ûnderstelt hjir o sa dizenich in *al-ûnthâld*, dat syn eigen libben en syn eigen erfaring en ûnthâld omfiemet – in begryp dat trouwens yn krekt dy foarm letter ien kear foarkomt yn syn wurk, yn HJA KOMM' OP MIJ TA (1939), yn *It Sil Bestean* fan 1946. Mar lyksoartige beneamingen foar datsoarte ideeën komme wij fierderop ek noch wol tsjin.

Postma, kleardernôch gjin yn in persoanlike God leauwend kristen, liket op dit stuit (1925) toch, oanfi-tere troch in sterke langst ta it duorjende, te besykjen in ferfanger te finen foar dy persoanlike God of, as men wol, in libbensopfetting te sykjen dy't syn ‘ûneindichheids-dream’ (DE SEE, 1926) stal jaan kin – en hij docht dat dan yn fierder lestich te befetsjen begripen as ‘siele’ en ‘ien begryp.’ Dit net sa bêste en bepaald net oertsjûgjende gedicht liket mij de delslach ta fan in wrakseling om syn tinken op dit mêd te formulearen, en is as sadanich foar de interpretaasje fan syn wurk net ûnbelangryk.

Even weromspringend nei twa jier earder hat Postma it yn DE DEA FAN DE DICHTER oer ‘it al omfiemjend each’:

– O bleke poppe! Hjir by ús is hy,
En by syn folk! Hjir bleau wat fan him teach;
En sa moat wol syn wêzen, ús foarby,
Troch d' eter⁴ spegelje yn it al omfiemjend each.

¹ Sj. JONG (1928)

² In ferwizing nei de parabel fan de ferlerne soan?

³ Ik wiis hjir ek even op HJA DY'T NET BEDIJDEN (1925), dêr't Postma him ek al identifisearst mei wa't yn wêzen maatskiplik mislearre wienen.

⁴ Postma brûkt sa te sjen dit wurd yn de Gryks-Romeinse sin, sj. it Wikipedia-artikel: ‘**Aether** (Grieks: 'Αιθήρ) is de Griekse god van de atmosfeer, de bovenste luchtlag, die de goden inademen (in tegenstelling tot de ‘gewone’, aardgebonden lucht die stervelingen inademen). Volgens de oude Grieken was hij de substantie waaruit licht zich vormde. Aether is de ziel van de wereld, hij omhult bergtoppen, wolken, sterren (dit zouden geconcentreerde vuren van Aether zijn), de zon en de maan. Hij stond ook bekend als Zeus' verdedigingslinie, omdat hij de aarde (Gaia) van de onderwereld (Tartarus) scheidde. Boven Aether bevindt zich de hemelkoepel van Ouranos.’ No kin ik net leauwe dat Postma dit letterlik bedoelt, mar earder as in soarte fan algemiene omskriuwing fan it plak dêr't er dat (suver godlike) ‘al omfiemjend each’ pleatst. Wat dan hjir wer op syn beurt de fraach opropt hoe letterlik dat dan wer bedoeld is ... Lykwols, alles bijelkoar besjoen, is dit mear as inkeld as byld bedoeld. In byld stiet altyd ergens foar.

Dy fierder net mei namme neamde dichter hat in soad fan Postma sels. Hij leave de ierde, it ljocht, it balten fan in ko, de guozzerop bij ’t winter, it fiere kreakjen fan it iis, al it lytse dêr’t er ‘it fine gouden stof’ (fan syn poëzij, nim ik oan) oer struide. Dy lêste hjirboppe oanhelle strofe is op himsels ûnbegryplik, want dat ‘al omfiemjend each’ komt wat hommels út ’e loft fallen en wurdt eigenlik net berede-nearre. Alleast, we fernimme dêr minder in besykjen ta as yn IT LIBBEN DAT FERGONG. Postma brûkt hjir wer it wurd ‘siele,’ en letter it ‘wêzen’, dat tagelyk ‘slaaf en hear’ fan it omskot hjit te wêzen. Mei oare wurden, siele en omskot beynfloedzje en foarmje elkoar ‘yn wiksel-krêft.’ Yn in nuvere paradoks wurdt dan bewearde dat dy siele, dat wêzen, tagelyk fuort en net fuort is: ‘Hjir bleau wat fan him teach’. Dat liket in frijwat ûnsinnige útspraak, mar dy wurdt wat better te begripen as wij wer even tinke oan dy metafoar fan de ‘stream’, dêr’t al it individuele yn opgiet, en dat iene al-omfetsjende ‘begryp’ fan IT LIBBEN DAT FERGONG.⁵ We soenen sizze kinne: de libbenen binne noch de individele weachjes fan de stream, de deaden binne der al yn opgongen, mar feitlik besteane se yn sekere sin nêstinoar yn ien en itselde ‘al omfiemjend each’ – dêr’t, sa liket it, in oar tiidsbegryp jildt.

Ik ha niis de bondel *It Sil Bestean* fan 1946 neamd. Dat idee fan ‘it sil bestean’ – dus neat fergiet echt - fine wij ek al yn IT HUSKE fan 1926. Dat húske en wat derbij heart oan dingen en minsken stiet symboal foar alle ûneachlike húskes:

Yn it finstik libje tûzen ôfearte lānen,
En de hynders dy’t it bebieten,
En de hannen dy’t it bedolden,
Sa sil ús lân en ús hūs bestean!

As men dit gedichtsje beskôget as ‘sa sjocht Fryslân derút en sa sil it wol bliuwe’,⁶ dan is dit as poëzij leau ik wat oertsjûgjender as IT LIBBEN DAT FERGONG, ek al omdat hjir de sweverige metafysika⁷ (fyn ik) fan dat gedicht net ûndersteld hoecht te wurden. Ik ha oait skreaun oer de skok fan dat ‘Soene wy stjerre?’ dêr’t de twadde strofe mei begiint. Dy ûndergean ik noch. It gedicht WAT DE DICHTER WITTE MOAT fan 1927 fyn ik as poëzij ek better slagge. De frijfeint Postma (want dat is er, lit er wol trochskimerje bij syn ferwizing nei de nachten nêst de libbenjaande frou dy’t Rilke koe, mar hijsels net) wiist op oare wûnders, dy fan it bouwen, de ‘foldiedigens’ fan de natuer, de lytse doarpsmienskip, en ta beslút op de mem, dy’t ek it libben ‘tôge’⁸ hat. Sa fier, sa goed ... mar nei myn sin bedjert Postma dat gedicht wat troch de lêste rigels:

En as de frou er net is dy’t it libben tōge,
Sa is er de mem, dy’t it jimmer jaan sil,
Siele, dy’t slachten omfettet.

Wer dat sweverige begryp ‘siele’, dêr’t ik net oer kin. En neat mei kin.

It eigenaardige is dat Postma, dy’t ik hjirboppe sweve-richeid oanwriuw, ek sa heel konkreet en taastber syn *ierdskens* beskriuwe kin en syn ferbûnens mei de ierde. Dat docht er bijgelyks yn PEASKEMOANDEI en DE IERDE NEI, beide fan 1927. En beide fol mei oansprek-kende details foar each, ear, gefoel en rook.

Ik ha yn in earder nûmer fan *Wjerklank* (sj. nr. 4, ok-tober 2008) in oersetting jûn fan parten fan it boek *Aus meinem Leben* fan de Noardfries Friedrich Paulsen, dêr’t Postma in fers oan wijd hat. Ik ha destiids myn skepsis útsprutsen oer de ûnderstelling fan Postma dat de oerien-komsten dy’t er sjocht tusken de Friezen en Noardfrie-zen ta te skriuwen binne oan in soarte fan erflikheid fan karakter:

o, dat is wol ús stam,
Oer ieuwen skaat en dochs ús folk sa nei!

Ik hâld it der mear op dat fergelykbere omstandichheden (lytse wat ôfsûndere boeremienskippen, in wat fergelykber lânskip, de beheinde doarpsekonomy) de oerienkomsten dy’t Postma sjocht, of mient te sjen, ferklearje, en net yn de genen fêstleine erflikheid fan aard. Ik kin der noch oan tafoegje dat it Fryslân fan Postma wol o sa slim it Fryslân fan de *greidhoeke* is, en net dat fan de Wâlden (dêr’t de minsken ek wat oars binne). En dêrmei ferdwynt dan ek wat de ûnderstelling fan de ienheid fan it Fryske folk. De lêste en tredde strofe rint sa:

Sa droech de noarder kust it âlde folk.
Him wreidet út, wat eigen om ús leit,
Ta wider ring. Us skoarret fêster krêft,
De siele waachst ta riker mooglikheid.

De Postma fan de eksakte wittenskippen blykt ek hjir wer in o sa romantys persoan te wêzen, dy’t yn de alderlêste rigel (sa liket it alleast) de Friezen en Noardfriezen inselde ‘siele’ tadichtet. Alwer dat ‘siele’ ... in wurd dat troch syn hele wurk 84 kear opdûkt, mien ik. Neffens it *Frysk Han-wurdboek* is de siele ‘it inerlike, wêzentlike fan ‘e minske, tsjinoer it lichaamlike; it ûnstjerlike part fan in minske’. Ik leau sa njonkelytsen dat Postma it wol aardich lykfine kinne soe mei dy definysje, mei de opmerking dat it stik nei de puntkomma net yn kristlike sin opfette wurde moat, mar yn Postma-iaanse sin as wol ûnstjerlik, mar letter op-

geand yn in alles omfetsjende al-siele. Oer de *oarsprong* fan de siele hat Postma him noch net útlitten oant no ta.

Mar werom nei dy lêste rigel. Nimt Postma hjir in al-Fryske gelykbliuwende siele oan, in erflik gelyk en oerurven karakter? Mar dy wâldpiken dan? En dy smoarge Grinzers, dy’t har ‘alde sprake’ sa ta ‘grienmank’ fer-tutearzje litten hawwe?⁹ En hoe nei binne ús dan de Dútse Oastfriezen, om mar net te praten fan de Noardhollânse Westfriezen? It liket mij wol dúdlik: Postma is in bern fan syn tiid, en hij hat heel wat skipe fan it tinken fan it begjin fan de 20ste ieu, mei syn romantise opfettingen oer it ferûnderstelde ‘folksaad’. Bij Postma wurdt dat begryp, dat ik hjir foar it gemak even ‘folkssiele’ neam, ynbêde yn syn algemiene him ûntjaande filosofy oer de al-siele. We witte út de skiednis fan dy ôfrûne ieu, dat sok tinken ek in ferkearde kant útgean kin. Postma stie oan de goede kant.

Bij him gjin kwea-aardich nasjonalisme dat in folksaad oannimt dat superieur is oan dat fan oare folken. Postma nimt de Friezen sa’t se binne, en hij hâldt fan har, omdat er der no ienris bij heart en tusken har opgroeid is. Fryslân is lyts en net yndrukwekkend, mar hij seit:

(...)
Om’t ik hear by har
En yn har eigen taal sjong ik foar har.
Sa sil ik wol bliuwe moatte wa’t ik bin,
Fêst oan it ferline en it Fryske fielen;
De wrâld sil my gjin acht slaan,
Mar faaks sille my tadien wêze
Dy’t stienen op ’e terp en de himrik ôfeagen.
(LIET FAN IN LYTS BOARGER 1928)

Dat is Fryslân. Dat is Postma.

Ik moat no even weromgean yn de tiid, nei 1923, de datum fan it earste fers út it twadde skift *Fan alle wegen*. It earste gedicht yn dat twadde skift NIJE WRALD is foar Postma syn dwaan bûtengewoan fel. En it slút ek wûnder-wol oan bij it foarrige gedicht dat ik krekt oanhelle haw. It is de iere jierren tweintich, de tiid dat oeral yn Europa politisi de maatskippij omfoarmje wolle nei har eigen mal, sij dy’t alles better witte as it folk sels, en bewearde dat se it folk kenne en leafhawwe. Mar, sa skamperet Postma:

Har leafde foar it earme folk is grut!
– En giet dy leafde nei syn libben út?
Nimt hja syn wêzen op, syn wille en wurk,
Syn siele, dy’t hja,¹⁰ machtich, yn har sels beslút?

Is it it dichtsels net fan eigen siel
Dat hja foar alles leavje? Eigen drôg’ en sin?
Is ’t hearsksucht net, dy’t strang de leie hâldt,
De fliten twinge wol yn ing berin?

Postma komt de eare ta, dat er al heel betiid sjoen en oanfield hat dat it mei sokke lieders, dy’t it folk feitlik net kenne, mar inkeld fitere wurde troch eigen opfettings, falikant de ferkearde kant opgean kin. Koartsein: ideology is him in wearze, yn elk gefal as dy net stuolket op in drege kennis fan it folk sels en wat dat folk sels is en wol. Ideology, dy’t it folk as boartersguod beskôget op grûn fan algemiene abstrakte prinsipes, wurdt in ramp:

Kinn’¹¹ hja [dy lieders] de Macht’ge net dy it lib-ben driuwt? –
Binn’ hja gjin diel fan him? Ut oare wrâld
In frjemde Geast, dy’t hâldt it minskeguod
Foar boartersreau en wrot en brekt en stâlt?

Hy [de Macht’ge]¹² nimt har út ’e grûn en set har del
Nei it bestek, net achtsjend de natoer.
Wurdt it gjin kostlik park? Mar dea komt mei,
En yn ’e woestenije bliuwt gjin libben oer.

‘[N]et achtsjend de natoer’ ... hoe krekt en hoe ier hat Postma hjir dy ‘woestenije’ oankommen sjoen dêr’t gjin libben oerbliuwt. En it is pas 1923.

De lêste fersen fan dit skift en sadwaande de bondel foegje net echt mear nijs ta oan it byld fan de libbensop-fetting fan Postma dat wij no fan him hawwe. Yn it moaie DE JEFTE (1925) komt er opnij mei de meideling dat syn poëzij de delslach is fan lokkige oeren ‘fan jeugd en ljocht / De skienste dream’. Mar sa’t er yn FEN FRYSKE LAN EN FRYSKE LIBBEN ek al oanjout, yn him komt¹³ ek gear it libben fan slachten foar him:

Wie it myn eigen wol? It kaam my oan
Fan myn geslacht en giet nei har wer ta.
It is fan sibtal¹⁴ mear as man it erf,
En elts hat part oan wat ik gearbrocht ha.¹⁵

Hij ropt op wat ‘lang foarby is (...) / ta nije dei’ en sad-waande komt er wer ta de wûndere paradoks dat ‘Wat ienkear wie, ferlern [is] mar net fergûn.’

^[1] Dat dan wol letter skreaun is, mar yn de bondel earder pleatst is, en sadwaande dêrtroch ek wat ljocht smite kin op dit fers.

^[2] Mar ja, as Obe Postma no ris Fryslân besjen koe, soe er net besauwe?

^[3] Miskien is ‘metafysika’ net it krekte wurd, mar ik kin gjin better betinke.

^[4] Persoanlik fyn ik dat no krekt net sa’n slagge wurdkar...

^[5] Sj. TE OOSTUM, 1924.

^[6] Lês ‘har leafde’.

^[7] Bedoeld moat wêze ‘kenne’.

^[8] Al is mij net helendal dúdlik wat of wa’t er no presys mei dy Machtige bedoelt. Foar it neiste of in God of in polityk prinsipe.

^[9] Tink oan syn rol as historikus.

^[10] Neffens it Wurdboek fan de Fryske Taal ‘gezamenlijke bloedverwanten’.

^[11] Itselde idee is it ûnderwerp fan MIENSKIP (1926).

Ek even in opmerking wurdich is wat er seit yn OFS-KIE (1926), dat oer syn eigen dea giet. Fansels, hij soe it leafst op ‘in ljochte dei / Yn maaietiïd’ stjerre wolle, dizze moaiwaardichter, mar ... seit er, nim gjin foto fan myn ‘te-ploege mom’:

’t Koe wêze dat hja [dat ‘mom’] spriek wat better wie ferswijd.

In wat ûnferwachte ferwizing nei in kant fan him dy’t oars net oan bod komt, de minder ljochte kanten fan it libben fan dizze dichter fan de ljochte ierde. Inselde fierder net spesifisearde oantsjutting fan de minder lokkige kanten fan it libben fine wij yn it sa skynber net bij Postma passende WINTERJUN (1927), dat in ikebeam beskriuwt sa’t dy mei syn swarte wiete tûken ôftekene stiet tsjin in ‘ljochte himmel’:

As fijemde begearten, wêr ’t klaad ôf foel,
No neaken wine hja rûn,
En krinkelje har ta in spoeke wâld,
Wêr ’t ierdske yn fergûn.

Ik sil mij fierder mar net nochris weagje oan in al te detaillearde interpretaasje. Wat Postma presys mei de ‘iepen wûn’ ’ bedoelt fan de tûkestompen, en it ‘smertlik feest’ fan in winterjûn ... de lêzer mei it riede. Yn elk gefal, de mylde spyt yn it prachtige LOK (1916) fan de eardere bondel liket hjir skerpere kanten te krijen. In blinkje fan dy spyt sjogge wij ek (mar no rin ik foarút, wat ik eigenlik net mei) yn TROCH IT FOLK HINNE (1939), dêr’t er it oer de ‘groeden’ hat dy’t ‘spyt dêr yn dreaun hat’.

De lêste fersen springe der fierder net sa út, sjoen it foarôfgeande. Ik neam hjir noch even DICHTERS BINNE SJENNERS? (1928), dat begjint mei:

It moast no wêze – ik bin sa âld –
Dat ik it wêzen fan ’e dingen iepen lizze koe;
Dat ik út ’e bylden wei – sa as hja dat sizze –
Komd wie ta de djipste krêft.

Mar nee ... hij sjocht, rûkt en fielt de wrâld inkeld, en dat is blykber genôch. Dy beheining ta de sinnen liket mij wol wat yn tsjinspraak mei earder gefilosofear oer de ienheid fan alle libben, omfieme yn it al-begryp.

3. *De foarm.* Ik sil hjir om de romte koart wêze en dermei folstean dat Postma deselde rare trúks mei de taal úthellet as ek al oantoand is yn de earste ôflevering fan dizze rige. Ien of twa oanhalen út dit kear in oersetting¹⁶ (út it Dúts fan Berend de Vries) binne genôch. Earst dit:

‘Ut folle sleatten straalrjochte lin’ ’ mei in ynkoarte *line* om it mar rymje te litten mei *skyn*. En dan noch ien foarbyld fan dy wûndere genityfkonstruksjes: ‘De strjitweibeammene fromme stoet’. Trouwens, yn de earste oanhaal siet ek al in ferburgen (want net mei in apostrof oanjûne) genityf: it giet hjir om de straalrjochte line fan de folle sleatten. Moai is oars ...

4. *Beslút.*

Yn dizze twadde bondel fan Postma wurdt fierder útwurke wat him al oankundige hie yn de earste. Waard de langst fan Postma nei it duorjende en tideloaze yn FRYSKE LAN EN FRYSKE LIBBEN noch fierhinne befredige troch it besef dat *hijfels* troch de kracht fan syn ûnthâld en syn kennis fan lân en libben (fan de greidhoeke) it doe en no gearbalje koe yn ien tiidloas mar persoanlik tiidsbestek, en waard der mar heel algemien en yn it foarbijgean even oantsjut dat er sels deel útmakke fan in alles omfetsjend kosmys ûnthâld, hjir yn dizze twadde bondel wurdt dat eksplisiter yn wurden stald. Der is no sprake fan ien siele, in *alomfetsjende* siele, in *al-omfiemjend* each, dat op in kosmys nivo boppepersoanlik is, en dêr’t syn eigen siele yn teraant as de tearkes fan in stream. Dy langst nei it bliuwende hat suver in religieus karakter en moat o sa sterk west hawwe, yn dizze dichter dy’t yn syn freze en langst troch ‘eigen gloed fertard’ wurdt (JONG, 1928).

Postma is gjin kristen, mar makket wol as oare religieuze persoanen de sprong yn in ûnbewiisber ivichheidsleauwen, of better sein in leauwen yn de opheffing fan it tydlike ta it tiidloaze, en fan de opheffing fan de grinzen fan it persoanlik bestean ta in alles omfetsjend kosmys bestean.

Unsin soe men sizze kinne – mar gauris yn prachtige taal en bylden stald, en trochgloeid troch altyd dy leafde foar al it ierdske. Jawis, in dichter, ‘In¹⁷ kreatuer fan eigen gloed fertard’.

Rembrandt, in ‘needrich foarst’

Jan Gulmans

Sa’n lytse tweintich jier lyn hâlde Philippus Breuker, beneamd ta bysûnder heechlearaar yn de histoaryske letterkunde fan it Frysk, te Amsterdam syn oaraasje. De titel dêrfan wie ‘Obe Postma als auteur van het sublieme’. Dizze ‘Fundgrube’ foar of fan de Postma-stúdzje moat men op beskate mominten opnij lêze om te witten, wat der al dien is op it mêd fan de Postma-stúdzje en wat noch op de wurklist stiet. Foaral de 161 noaten fan it boekje moat men net oerslaan. Yn noat 33 bygelyks wurdt sprutsen oer Rembrandt as in ‘needrich foarst (‘de nederige vorst, waarin nietigheid en grootsheid verenigd zijn’, aldus Breuker). It gedicht wêryn’t – yn de twadde rigel fan de tredde strofe - in needrich foarst foarkomt en dat Postma skreaun hat neidat hy it boek fan Frits Lugt: *Wandelingen met Rembrandt in en om Amsterdam* besjoen hie, draacht as titel:

DE OMKRITEN FAN AMSTERDAM FAN REMBRANDT TEKENE

Nei it besjen fan it boek fan Lugt:

Wandelingen met Rembrandt in en om Amsterdam.

It wide lege lân, it doarpk’ oer ’t wetterflak;

De pleats yn ’t beamt’ begroeid, it hiem mei boerereau;

De dyk wêr’t er him bûcht; de reidwâl by de poel;

De skoaiïng en it pealguod, dat de weach tefriet . . .

Hy hat it nomd en ’t wûnder foar ús brocht!

Hie ’t sljochte lân gjin foarm? Sjoch wâl en wei en kling!

Sjoch hoe’t it stjelpdak riist, de beam him breed ûntjout;

Hoe’t foars de skoarstien stiet, de mole klear en grut.

Hjir op dit stee, yn skeante fan ’e dyk, siet hy as do;

Hjir oer de raaien striek syn hân – in ned’rich foarst;

Hy koe de rusken, ’t flach; de melkers seach er gean,

En jinsen blonk oer ’t IJ dyn fredich doarp.

Dit gedicht ropt fragen op oangeande de posysje fan it lânskip yn it dichtwurk fan Postma. Yn de hjerst fan 2006, doe’t it Obe Postma Selskip oprjochte waard, hat Breuker yn ’e tsjerke fan Skraard dêr al it ien en oar oer sein. Eigenlik moat men, tink ik, Simon Schama’s *Rembrandt’s eyes* en Boudewijn Bakker syn *Landschap en wereldbeeld* derby helje, om oer dat tema reedlikerwiis plausibele dingen te sizzen. Yn it bestek fan dizze bydrage rjochtsje ik my lykwols allinne op de fraach wa’t eigentlik Frits Lugt wie, wat syn kolleksje om Rembrandt hinne sa unyk makket en wêrom’t Postma sa fassinearre wie troch dat boek fan Lugt. Boudewijn Bakker komt dan yn it lêste part fan de bydrage noch efkes om de hoeke kypjen. De fraach is dus wa’t Frits Lugt wie, nei wa’t Postma oan it begjin fan it gedicht ferwiist.

Frits Lugt libbe fan 1884 oant 1970. Yn de middei fan 15 july 1970, fuort by it Place de l’Étoile yn Parys, sacket hy samar yn inoar. In hertoanfâl makke in ein oan fyftich jier sammeljen fan keunst. Omstanners koenen him net helpe. Net allinne yn it Algemeen Handelsblad en de Nieuwe Rotterdamsche Courant, mar ek yn Le Monde, Le Figaro en de Daily Telegraph en de Times ferskynde in libbensberjocht fan dizze nochal slettene man, dy’t ûnder gjin inkele kondysje syn

¹⁶ In earste foarbyld fan Postma as oersetter.

¹⁷ Der stiet (JONG, 1928) ‘It’, mar ik tink dat dat ‘In’ wêze moat.



Gesicht op Diemen (1650)

herinneringen opskriuwe woe. Al yn 1899 (!) kaam hy mei in manuskript *Rembrandts leven*, opnij publisearre yn 1997. Frits Lugt sammele net allinne wurk fan Rembrandt – sa kocht hy ‘De molen op het bolwerk het Blauw hoofd te Amsterdam’, troch Rembrandt *likernôch* yn 1644-1645 makke, yn 1937 foar 6.850 gûne op in feiling by Sotheby yn Londen --- mar ek wurk fan Jan Steen en fan in hiele rige minder bekende skilders, lykas Lucas van Leyden, Jan Gossaert van Mabuse. J. F. Heijbroek hat dêr yn syn biografy *Frits Lugt – Leven voor de kunst* (Uitjouwerij Toth, Bussum, 2010) in oersjoch fan jûn.

Lugt arbeide fan 1901 oant 1915 bij de Amsterdamse keunsthannel Frederik Muller. Hy troude yn 1910 mei Jacoba Klever (1888–1969). Mei har wenne hy yn Maartensdijk en hy krige mei har fiif bern. Yn de tweintiger jierren krige hy de opdracht de tekeningen en it drukwurk fan de musea yn Paris te katalogisearjen. Jacoba krige yn 1935 in grutte erfenis. Dat makke it mooglik dat sy beide as keunstsamler optrede koenen. Omdat Lugt en syn frou har oansletten hiene by de meniste tsjerke, moasten se yn de tiid fan de Dútske besetting fia Switserlân nei Amerika flechtsje, dêr't Frits oan it Oberlin College wurk krige. It yn Nederlân efterbleaune part fan har samling waard troch de Dienststelle Mühlmann



Rembrandt



Frits Lugt

rôve. Nei de oarloch keazen se derfoar har yn Paris nei wenjen te setten. Dêr ha se de stichting Fondation Custodia oprjochte en ha se meiwurking ferliend by it stichtsjen fan it Institut Neerlandais. De Frits Lugt Collection yn it Hôtel Turgot yn Parys is in ûndersyksynstitút, dat oer in samling fan 7000 tekeningen, 30000 drukwurken, 220 skilderijen, 40000 brieven, lykas ek boeken, beskikt.

Yn it ramt fan dit artikel is syn boek *Wandelingen met Rembrandt in en om Amsterdam* (Amsterdam, P.N. van Kampen en Zoon, 1915.) it wichtichst. Jan Veth (yn: De Gids, jiergong 79) sei fan dat boek: ‘Bij het lezen van zijn boek krijgt men den indruk, dat de Heer Lugt zich in en om het midden-zeventiende-eeuwsche Amsterdam met even groot gemak beweegt als wie onzer ook het in zijn werkelijke woonplaats zou doen. Hij weet er zelfs iedereen te wonen en dat niet enkel degenen wier adressen reeds bij de historici bekend waren. De huizen van den schrijfmeester Lieven Coppens en van den kunstminnenden Notaris Trojanus de Magistrus op het Singel, - van Anna Wijmer en Jan Six op den Kloveniersburgwal - van Aert Coninck, den vader van Jacob en Philip, op de Keizersgracht bij het Molenpad, - van Mr. Johannes Uyttenbogaert, den zoogenaamden Goudweger, - van de door Rembrandt geportretteerde kooplieden Maerten Looten en Jean Pellicorne, beide op de Keizersgracht - van Notaris Listingh, die zoo menige acte voor Rembrandt maakte, op de Heerengracht, - en van Menasseh ben Israël, schuin over Rembrandt in de Jodenbreestraat, zij bleven voor Lugts speurzinn niet verborgen. Zijn aangeboren voorstellingsvermogen en zijn gevoel voor den groei en de vergroeiing van een stad zijn hem natuurlijk bij zijn onderzoek van grooten dienst geweest, maar een zoo soliede kennis van plaatselijke gesteldheid laat zich toch niet anders dan door de meest nauwgezette studie verwerven’. Jan Veth giet fierder mei: ‘Wat de binnenstad betreft: van Rembrandts mooie Westertoren-teekening in Fodor heeft hij precies het punt aangeduid, van waar af zij genomen werd. In een krijtschets uit de Albertina herkent hij de afbeelding van het ten deele reeds afgebroken oude Amsterdamsche stadhuis. In een wondermooie teekening uit het Louvre, tot nu toe ‘Landschap met steenen brug’ genoemd, kan hij een Gezicht op de Grimnessesluis van de Oostzijde genomen aanwijzen. In een krijtkrabbel van 's meesters hand te Berlijn vermoedt hij voor het eerst een gezicht op de Sint-Anthoniessluis. In gedachten langs de stadswallen gaand, bepaalt hij in een prachtige pentteekening bij den Duke of Devonshire een Gezicht op het Bolwerk naast de Sint-Anthoniespoort. ‘Hoe worden wij hier gewaar’, roept te schrijver uit, ‘dat hetgene, waarin wij meêleven en dat wij geheel begrijpen, ons meer openbaart en ons meer intiems toefluistert dan hetgene, dat voor ons zonder verklarende toelichting bleef.’ Verdergaand weet hij in een misschien nog grootscher gewasschen teekening uit het British Museum een Vergezicht naast de Sint-Anthoniespoort aan te wijzen. En met reden schrijft hij dan: ‘Ook hier verwonderen wij ons weer, hoe de afbeelding van een punt, zoo in de onmiddellijke nabijheid van Rembrandts woning gelegen en uitteraard zoo door en door vertrouwd aan Rembrandts eigen oogen, voor ons, die ons zoo gaarne verbeelden met den meester, dank zij alle ontdekkingen en vondsten uit de laatste jaren, op intiemien voet te staan, tot heden onverklaard is gebleven’.

Postma wie, lykas wy witte, fassinearre troch ûnder mear de pintekening *Gesicht op Diemen*, likernôch om 1650 makke troch Rembrandt. Wêrfandinne dy fassinaasje? Foar it antwurd op dy fraach gean ik werom nei it bekende artikel fan Philippus Breuker ‘Myn foarkar foar Postma’ (sjoch: *Trotwaer*, jiergong 31). Hy seit dêr: ‘Postma hat mear as ienris oer syn grutte leafde foar de keunst fan Rembrandt skreaun, foaral yn syn gedichten. Ien fan de plakken dêr't er dat docht is yn it gedicht ‘Peaskemoandei,’ dêr't er mei in ûntliening oan Boutens net allinnich op de dêr bedoelde Michelangelo doelt, mar ek op Rembrandt (earst, doe't ik Michelangelo noch net ûntdutsen hie, tocht ik dat Rembrandt allinnich it wie), as er seit: ‘O dit allegearr' mei ien streek te omfiemjen’ (143). Wat my no koartlyn trof is it feit dat hy yn dit gedicht krekt itselde útdrukt as wat neffens Boudewijn Bakker de sintrale karakteristyk fan Rembrandt syn lanskipstekeningen is, nammentlik de gefoelichheid foar ‘authenticiteit, “eigen-aardigheid”, een door de jaren heen verworven karakter’. Bakker skriuwt dat yn in beskôging oer keunst en werklikheid yn it lânskip by Rembrandt’. Neffens mij hat Breuker dat goed sjoen. It gedicht ‘De omkriten fan Amsterdam fan Rembrandt tekene’ is sa evokatyf foar safier't de pintekening in typysk foarbyld is fan de karakteristyk ‘authenticiteit, eigen-aardigheid, een door de jaren heen verworven karakter’.

Yn it boekje *Obe Postma. Dichter fan it Fryske Lân*, dat by gelegenheid fan de ûntbleating fan de búste fan Postma op 6 novimber ferskynd is, beslút Philippus Breuker syn bydrage as folget:

Ienkear, wa wit, as alles mei my wie,/ Ek wat ik no net neame doar,/ Miskien dat my genede joech/ It dreamebyld dat net ferstoar,' sa beslút er [Postma, JG] 'In hûs' út 1930. As hy dy't er net neame sil (dat is Rembrandt), nimt er yn in oar gedicht syn stee yn de berm om te sjen oft er Fryslân net yn skiente ferivigje koe. As de dichter alles jûn wie, kin it dicht in libjenden en deaden omfiemjend belibjen oproppe. En dat hat Postma dien!

Oant safier Breuker. *Gesicht op Diemen* is foar my it foarbyld fan ‘It dreamebyld dat net ferstoar’.



Algemeine Ledegearkomste 2014

Te hâlden op 4 febrewaris 2015,
Kafee Wouters te Ljouwert.

Achte leden fan it Obe Postma Selskip,

Hjirby noegje ik jo út namme fan it bestjoer fan it Obe Postma Selskip út foar de jierlikse ledegearkomste. Dy gearkomste wurdt hâlden op woansdei 4 febrewaris 2014, en wol yn Kafee Wouters, Sophialeane 5, te Ljouwert. De wurklist fan it húshâldlik part en it programma fan it ynhâldlik part fine jo ûndersteand. Wolle jo, yn gefal jo dizze ledegearkomste bywenje wolle, my dêrfan efkes op 'e hichte stelle? It leafst fia in e-mail.

Mei freonlike groeten, Jan Gulmans, skriuwer
E-mail: jan@gulmans.com

Wurklist Algemeine Ledegearkomste

Plak: Kafee Wouters, Sophialeane 5 te Ljouwert - Tiid: 19.30 oant 21.30 oere.

- (1) Iepening.
- (2) Mûnling jierferslach 2014
- (3) Werom- en foarútsjen: meidielingen oer 2014 en plannen oangeande de takomst.
- (4) Finansjele saken: finansjeel ferslach 2013, kaskommisje, begrutting 2014.
- (5) Wat der mear op it aljemint komt.
- (6) Ofsluting.

Skoft

Nei it skoft sil Alpita de Jong in lêzing hâlde oer:

'Fan de Halbertsma's nei Obe Postma: hoe't it klassike romantysk waard'

Alpita de Jong hat fan 1998-2003 lid west fan de redaksje fan it Fryske literêre tydskrift *Hjir*. Fan 2001-2008 fersoarge sy kolleezjes Fryske literatuer en Europeeske kultuerskiednis oan de Universiteit fan Amsterdam. Sy joech lêzingen en fersoarge publikaasjes oer literatuer, wittenskips- en kultuerskiednis foar ûnderskate wittenskiplike en kulturele organen en ynstellingen, lykas Werkgroep *De Negen-tiende Eeuw*, *Tijdschrift voor Biografie* (earder: *Biografiebulletin*), it Nederlands Letterenfonds, Biblion, Sirkwy. Yn 2009 promovearre sy op it gelearde netwurk fan Joast Halbertsma (Proefskrift: *Knooppunt Halbertsma*, Hilversum: Verloren, 2009). Sûnt 2010 is sy dwaande mei de biografy fan Joast Halbertsma. As taljochting op de boppesteande titel fan har lêzing, liet Alpita ús it folgjende witte: 'Krekt nei 1900 skreau Postma in gedicht oer de *Rimen en Teltsjes* fan de bruorren Halbertsma. It waard publisearre yn it tydskrift *Forjit my net*, it tydskrift fan it Frysk selskip yn Grins en de krite 'Halbertsma'. De *Rimen en Teltsjes* wiene foar Obe Postma de wjerklank fan de taal, de minsken en it libben út syn jonge jierren. Krekt as in protte oaren projektarre er gefoelens fan unwenichheid en weemoed op de gedichten en ferhalen fan de Halbertsma's. Sa waard it Frysk en Fryslân gelyksteld oan teare gefoeligens, jeugdige fleur, suver gelok, noflikke mienskipssin, en earlik wurk. Koartsein: it Frysk waard de taal fan it hert en Fryslân it bêste op d' ierde. De Halbertsma's mei har *Rimen en Teltsjes* spilen foar Postma en oaren in belangrike rol yn dizze romantisearring fan it Frysk en Fryslân. Mar wiene de Halbertsma's sels ek romantisi?'

Alle leden wurde hjirby útnoegje dizze jûn mei te meitsjen.

Mei freonlike groeten, Jan Gulmans, skriuwer Obe Postma Selskip,
E-mail: jan@gulmans.com

